

BMD Frysk!



Trochsneed ynwenners fan Fryslân en de takomst fan it Frysk

In sfearfolle middei yn Oentsjerk op 12 juny 2022

Wat dêroan foarôfgie en wat noch folgje kin

Dit ferslach is te lêzen en del te laden fia www.willemverf.fr

Desimber 2022, stichting 'Fierder mei Frysk' (BMD-Frysk)

Een Nederlandstalige introductie

Wat de stichting BMD-Frysk voor ogen staat:

In een winterseizoen vinden er met een flink aantal inwoners van Fryslân (denk aan minstens 1000) groeps gesprekken plaats over wat de Friese taal voor hen betekent en wat de toekomst van die taal kan en/of zou moeten zijn. Dit gebeurt tijdens bijeenkomsten die tegelijk feestelijk, informatief en meningsvormend zijn. Deelname is op uitnodiging, gestreefd wordt naar een redelijke afspiegeling, waarbij het zwaartepunt ligt bij personen tussen de 25 en 45 jaar. Maar ieder die graag wil deelnemen moet de kans daartoe krijgen. Voor kinderen en jongeren zijn er parallelle programma's via scholen en opleidingen. Deze gesprekken worden zorgvuldig voorbereid, er worden goede verslagen van gemaakt en de uitkomsten ervan worden gebundeld en samengevat. Het eindverslag en al wat ermee samenhangt wordt in het voorjaar volgend op de betreffende winter gepresenteerd aan Provinciale Staten en de voor het Fries verantwoordelijke minister, met aanbevelingen voor toekomstig Fries taalbeleid. Voor de zekerheid: dit niet ter vervanging van bestaande plannen en overlegorganen, maar wel om het taalbeleid effectiever en doelgerichter te maken. In de maanden dat deze gesprekken worden gevoerd zal er veel en regelmatig aandacht aan besteed worden op Omrop Fryslân, in de dagbladen, in tijdschriften en op het internet. De opzet is dat er die winter een brede betrokkenheid bij deze gesprekken over de Friese taal groeit. Veel mensen zullen ook deelnemen via een speciale website. De uitkomsten geven een belangrijke indicatie van de vitaliteit van het Frysk. En ze bieden noodzakelijke aanknopingspunten voor de doelstellingen en de vormgeving van het Friese taalbeleid.

We hebben een proef gedaan in juni 2022: een Taalfeestje!

Zelf vonden we het een succes. Belangrijker: de achtentwintig deelnemers vonden dat ook. Verderop in deze bundel doen we uitgebreid verslag, in het Fries. Er is ook een mini-doku over gemaakt, te bekijken via www.willemverf.frl. Gegeven de actuele situatie van het Fries adviseren we zo gauw mogelijk, het liefst al in een komend winterseizoen, een stuk of dertig vergelijkbare taalfeestjes te laten plaatsvinden. Die kunnen het best, in opdracht van de Provincie en het Rijk gezamenlijk, georganiseerd worden door een professionele onafhankelijke organisatie.

Ervaringen en gedachten van 'gewone' gebruikers van het Fries

Waarom is het wenselijk deze gesprekken te voeren en wat zal er besproken worden? Provincie en Rijk hebben een taalbeleid ter ondersteuning van het Fries en ter bevordering van de mogelijkheden voor Friestaligen om de taal in het maatschappelijk leven naar eigen voorkeur te gebruiken. Dat beleid wordt regelmatig besproken en aangepast, in de regel op advies van onderwijs- en andere deskundigen en/of op aandringen van Fryske 'bewegers'. En gelukkig ook in toenemende mate op aandringen van betrokken Tweede Kamerleden. Wat we missen bij de beleidsontwikkeling is een actieve zoektocht naar de inbreng van gebruikers van het Fries. Het gaat ons om mensen voor wie de Friese taal bij het dagelijks leven in een meertalige omgeving hoort. Hoe gaan zij met het Fries om? Wanneer ze samen nadenken over de toekomst van het Fries, welke vraagstukken komen ze dan tegen? Om effectief beleid te kunnen voeren, is het nodig te weten wat er aan de basis leeft. De vraag: kan het Fries overleven en kun je en wil je er zelf aan bijdragen dat de taal blijft – die vraag wordt het gros van de inwoners van Fryslân zelden of nooit gesteld. De Brede Maatskiplike Diskusje Frysk daagt de gebruikers van het Fries uit hierover samen na te denken.

Ynhâldsopjefte

Alderearst

- Een Nederlandstalige introductie 2
- Ynhâldsopjefte 3

Rapportaaazje

- Wat bart der op 12 juny 2022 yn kafee 'It Wapen fan Fryslân' te Oentsjerk? 4
- Ferslach fan de middei troch Jan Ybema 5
- Byldregistraasje, miny-doku (te besjen fia www.willemverf.frl) 8
- Wat wie der nedich om dit Taalfeestje organisearje te kinnen? 9
 - Werving fan fûnsen 9
 - Werving fan dielnimmers en wat dêrmei anneks wie 9
 - Programma mei fariaasje: de plannen, Omrop Fryslân, sênes en akteurs... 11
 - De lokaasje en de berneoppas 12
 - Koördinaasje en fliermanagement 12
- Programma neier besjoen ien 13
(Piter Wilkens, De Bazuin, rapper Sample Tekst, aksjeliet)
- Programma neier besjoen twa 14
(Stellingen, Spulregels Stellingespul)
- Evaluaasje op 14 septimber 16
- Rûzing tal oeren frijwilligerswurk foar dit Taalfeestje 17

Tajeftes

- Skiednis fan it idee BMD en in persoanlike epilooch fan de inisjatyfnimmer 18
- Komplete tekst mei akkoarden fan it aksjeliet 21

Mear witte oer de plannen foar in Brede Maatskiplike Diskusje oer de takomst fan it Frysk?

www.willemverf.frl

Wat barde der op 12 juny 2022 yn kafee 'It Wapen fan Fryslân' te Oentsjerk?

25 persoanen, rûchwei tusken de 25 en 40 jier, komme by elkoar op in sneintemiddei. Hja nimme diel oan in programma mei diskusje en petear oer hoe't sysels en oaren it Frysk brûke. Der is boppedat muzyk, sjongen en rappen. By binnenkomst is der kofje, tee en oranjekoeke en yn it skoft en nei ôfrin bier, wyn of fris en in flaabyt. De measte dielnimmers komme as pear, mar guon ek as inkel persoan. Rûchwei de helte fan de dielnimmers hat bern, yn de basiskoalleleefdyd of jonger. Foar dy bern is der oppas en aktiviteit yn it BOB-buerthûs fan Oentsjerk, dat suver njonken it kafee is. Dy bern kinne brocht wurde fan 14.15 oere ôf.

De organisaasje fan dit 'Taalfeestje' bart op inisjatyf fan, wurdt dien troch, fan de Stichting BMD-Frysk. (Dizze stichting is yn 2023 opheven.)

It folsleine programma sjocht der sa út:

- 14.30 oere

Wurdsje fan wolkom, rûntsje meimekoar yn 'e kunde komme, yntroduksje programma

- 14.40

Optreden fan **Piter Wilkens**

- 14.55

"Stellingen yn beweging"

In spul fan mieningsfoarming, twifel en fernuvering (yn twa parallele groepen)

- 15.30

Optreden fan de Fryske Rapper **Sample Text** (Pieter Zijlstra)

- 15.45

Premjêre fan in nij liet: "It Frysk giet fleurich nei de ein!"

Mei fiif leden fan **Brassband "De Bazuin"**, mei rapper **Sample Text** en **Piter Wilkens**

- 15.50

Skoft

- 16.05

Ynfoblokje 1: Oer it aktuele taalgebrûk fan bern yn Fryslân

- 16.15

Ynfoblokje 2: De stân fan saken yn it Fryske ûnderwiis

- 16.25

It besteklik petear: Hoe geane wy eins sels mei de taal om? Wat foar plak hat it Frysk yn ús eigen bestean? Hoe gean autochtoon en ymport hjir yn de Trynwâlden mei elkoar om kwa taal? Hoe gienen ús âlders mei de taal om? Hoe sille wy dat sels dwaan/hoe dogge wy dat sels yn de relaasje mei bern? Wat is it plak fan it Frysk yn it ferieningslibben? Wat ferwachtsje wy fan de skoallen? Wat soe de oerheid (gemeente, ryk, provinsje) dwaan kinne? Spilet it Frysk aanst noch in rol yn winkels en oare bedriuwen? Wat wolle en kinne wy sels dwaan om it Frysk yn libben gebrûk te hâlden?

- 17.00

Neisit: Neiprate mei wiet en droech

Hoe moat it fierder mei it Frysk – hokker plak wolle wy dat de taal yn 'e maatskippij ynnimt en wat is de jongere generaasje ree om dêrfoar te dwaan?

Troch Jan Ybema

Om dy fragen hinne organisearre de inisjatyfgroep 'Brede maatskiplike diskusje Frysk' (BMDF) û.l.f. Rimmer Mulder en Willem Verf op 12 juny 2022 in diskusjemiddei yn It Wapen fan Fryslân yn Oentsjerk.

De bedoeling wie om ris net de beropsfriezen te berikken, mar de sljochtwei hinne jongfolwoeksen Friezen – al dan net frysktalich – dy't aktyf binne yn it mienskiplibben en dy't mei-inoar bepale hoe't de takomst fan it Frysk derútsjocht, ek al binne sy har dêr net fan bewust. In foarname doelstelling fan de BMDF is dan ek krekt om dat bewustwêzen te fergrutsjen en om jongerein neitinke te litten oer harren omgong mei de taal. De middei yn Oentsjerk jilde as in proefsesje om nei te gean oft soks in fruchtber resultaat opsmite kin en ek op oare plakken yn Fryslân plakfine moatte soe.

Om der foar dielnimmers in noflikke middei fan te meitsjen, wie der njonken foarljochting en diskusje ek folop romte foar kofje, oranjekoeke, in drankje en muzyk. Piter Wilkens spile in pear fan syn *evergreens*, de Fryske rapper Sample Text (Pieter Zijlstra) blik in knappe taalgûcheler te wêzen en brassband De Bazuin út Oentsjerk begelate har beiden by de premjêre fan it nije liet 'It Frysk giet fleurich nei de ein'. Om koart te kriemen, it wie gesellich.

Likernôch 25 jongfolwoeksenen út alle fermiddens fan it doarp en út de omkriten fan de Trynwâlden wiene op de diskusjemiddei ôfkommen. Rimmer Mulder hjitte harren wolkom mei derop te wizen dat 'jim de âlde generaasje yn it ferieningslibben ôflosse en it fan harren oernimme. Jim bepale dêrmei ek hoe't it yn 'e takomst komt mei it Frysk', ienfâldichwei omdat de fitaliteit fan in taal úteinlik ôfhinget fan it taalgedrach fan de sprekkers – hoefolle taalbelied en regeljouwing oft der ek optúgd wurdt. De minsken meitsje de taal.

Mei dat útgongspunt foar eagen giene de oanwêzigen yn twa groepen útinoar om yn petear te gean oer in stikmannich stellingen. Dielnimmers makken har stânpunt kenber troch nei it 'iens'-fak te rinnen, it 'ûniens'-fak of it fak foar 'ik wit net/ik twivelje'. Dêrnei koene sy mei-inoar yn petear oer har mieningen. Hjirûnder wurdt yn it koart werjûn hoe't de dielnimmers op dy stellingen reagearren.

SÛNDER IT FRYSK IS FRYSLÂN NET LANGER FRYSLÂN

Elk is it dermei iens, op ien nei.

- 'Ik spreek geen Fries, maar ik kan me voorstellen dat het voor anderen wel geldt.'

MEN MEI HIM GERÊST FRIES/FRIEZINNE FIELE EK AL BEHEARSKET MEN IT FRYSK NET

Elkenien is it dêrmei iens.

ALLE YNWENNERS FAN FRYSLÂN HEARRE IT FRYSK FERSTEAN EN LÊZE TE KINNEN

Trije twivelje, de rest fynt fan net.

- 'Ferstean fyn ik wol, mar lêzen fyn ik wat oars.'

- 'Earlik sein, fyn ik lêzen ek bêst noch wol dreech, dêr moastst wol wat foar dwaan. Ik freegje my ôf oft je dat fan minsken freegje kinne.'

- 'It is wol goed dat it op skoalle oanbean wurdt.'

- 'Ferstean en lêze kinne hat tiid nedich. Ast it Frysk net akseptearje kinst, hast hjir net folle te sykjen, mar kinst net fan elkenien ferwachtsje dat se it ek lêze kinne.'

- 'Net elkenien dy't hjir komt te wenjen, moat in Afûkkursus dwaan.'
- 'Je moatte der wol iepen foar stean om it eventueel te ferstean. Der binne ek minsken út it westen dy fine it ferfelend dat minsken yn in groep Frysk prate. Dêr haw ik muoite mei.'

ALLE MINSKEN YN FRYSLÂN HEARRE HAR DERFOAR YN TE SETTEN DAT IT FRYSK BLIUWT

Trije sizze 'nee', de rest twivelet.

- 'It soe wol hiel moai wêze as elk him derfoar ynsette wól.'
- 'Je moatte wol foar it Frysk iepenstean. Dus net dat ien seit fan 'praat even gewoan Nederlands'.'
- 'De stelling seit 'ALLE minsken', dat fyn ik oerdreaun. Mar minsken dy't Frysk prate, kinne har der wol foar ynsette. Nijkommers hoege dat net beslist.'
- '[Namme fan in ynwenner] bygelyks, dy komt hielendal net út Fryslân en hy is ien fan de meast fryskinnige minsken yn it doarp. Dat is wol hiel aardich.'

IT IS WOL SA FATSOENLIK OM JO OAN TE PASSEN BY DE TAAL FAN DE PERSOAN DÊR'T JE MEI PRATE

In twivelder: 'Mijn ouders wonen in Noord-Holland. Ze komen vaak in Friesland, maar spreken geen Fries en horen het in het dagelijks leven natuurlijk ook niet om zich heen. Zij kunnen zich dus niet aanpassen aan de friesspreker. Dan vind ik het wel vervelend om te merken dat sommige Friezen zich dan toch ook niet aanpassen en Fries blijven spreken.'

- 'Mar as je yn Dútslân komme, ferwachtsje wy ek net dat Dútsers Nederlânsk tsjin ús prate. It is wol logysk om dy oan te pasjen oan de mienskip en yn Fryslân heart dêr it Frysk by.'
- 'Friezen passe har maklik oan. Nederlânsk is foar ús gjin frjemde taal.'
- 'Ik moat sizze, guon Nederlânsktaligen sizze wol tsjin my dat ik bêst Frysk tsjin har prate mei, mar as wy yn it Nederlânsk begûn bin, kin ik hast net mear oerskeakelje.'

WA'T FRYSK PRATE KIN, HEART YN IT KONTAKT MEI OARE MINSKEN YN FRYSLÂN YN ALLE GEFALLEN TE BEGJINNEN YN IT FRYSK

- 'It makket ferskil oft ik mei ynstânsjes te krijen haw of mei ien op 'e dyk. By ynstânsjes begjin ik dochs meastal yn it Nederlânsk.'
- 'Ik spreek geen Fries, ik ben in Leeuwarden opgegroeid. Ik kan wel wat Fries, mar mijn voertaal is Nederlands. Ik geef wel Friese les op school, daar durf ik het beter te spreken. Ik vind het prima als mensen om me heen Fries blijven praten – ik sta er totaal niet negatief tegenover, maar ik spreek het niet graag terug.'

YN FERIENINGS FERGADERINGEN EN GEARKOMSTEN YN FRYSLÂN HEARRE FRYSKTALIGEN FRIJÚT FRYSK TE PRATEN

De measten binne it hjirmei iens.

- 'Ik spylje by De Bazuin. De foarige dirigint repetearre yn it Frysk, ek as der in Grinslanner by siet of sa, en elkenien fûn dat prima.'
- 'It fielt sosjaler om jin oan te passen.'
- 'Ik heb vaak dorpsbelangvergaderingen gevolgd. Als ik iets inbreng in het Nederlands, krijg ik vaak meteen de vraag of anderen wel door kunnen gaan met Fries spreken. Men is dus erg geneigd om zich aan Nederlandstaligen aan te passen.'

FOARDAT MEN IT SELS YN 'E GATEN HAT, PRAAT MEN AS FRYSKTALICH PERSOAN YN FERGADERINGEN EN SA NEDERLÂNSK

- 'Ik kwam hier wonen toen ik achttien was. Het heeft gewoon tijd nodig voor je het echt goed verstaat. Je wilt wel mengen in het dorp, maar als daar stug Fries gepraat wordt, haak je weer af, want je kunt het niet volgen. Dat betekent niet per se dat je er negatief tegenover staat, maar dat je het gewoon nóg niet verstaat'.

- 'Ik dirigearje it Fries Jeugdorkest ek yn it Frysk. As der in nij bern by komt, freegje ik wol even, mar dat fine se altyd prima.'

YN MINSTENS IN TREDDE PART FAN DE LESSEN OP BASISKOALLEN YN FRYSLÂN SOE DE FIERTAAL FRYSK WÊZE MOATTE, EK BY FAKKEN AS REKKENJEN EN IERDRYKSKUNDE

BYGELYKS

Ien is it dermei iens, guon twivelje, mar in soad binne derop tsjin.

- 'Ik stean sels ek foar de klasse. In fak as rekkenjen is echt bedoeld om wat te learen, nammentlik rekkenjen. As bern it net goed folgje kinne om't it yn it Frysk is, is dat net de bedoeling.'

- 'De les Fries is prima, maar ik geef les in Leeuwarden. Als ik andere vakken ook in het Fries moet geven, krijg ik nog meer afvallers.'

- 'Je hebt ook niet genoeg bevoegde docenten om allerlei schoolvakken in het Fries te geven.'

- 'Ik wurkje ek yn it ûnderwiis. By myn stazje wie myn begeliedende learkrêft Nederlânsktalich. Sy joech de les Frysk yn it Nederlânsk. Ik die it yn it Frysk en de bern fûnen dat geweldich.'

- 'Mijn klas vindt het wel heel leuk als ik het in het Fries doe. Ik ben 'de Friese juf', al is het dus niet mijn moedertaal.'

- 'Oant in jier as acht leare bern maklik talen. Dan is de basisskoalle wol it goede momint om se der in soad oan bleat te stellen.'

- 'Op it pjutteboartersplak dêr't ik wurkje, ha wy in twatalich belied. In kollega en ik prate altyd Frysk, in frijwilliger Nederlânsk. Dat giet prima.'

DE OERHEID SOE ALLE SKOALLEN YN FRYSLÂN FERPLICHTSJE MOATTE OM MINSTENS IN TREDDE PART FAN AL IT ûnderwiis yn it Frysk te brûken

Net ien is hjir foar.

- 'Ik wurd altyd wat allergysk fan it wurd 'ferplichtsjen'.'

- 'Se kinne better ferplichtsje om oeral minstens ien oere Fryske les oan te bieden.'

- 'Mar it soe wol moai wêze as de kar der wol is: dat âlders kieze kinne foar in skoalle der't ûnderwiis yn it Frysk jûn wurdt.'

IK SIL SELS NET SA GAU IN LEARKRÊFT OF DE SKOALLIEDING OANSPREKKE AS DER TE MIN DIEN WURDT OAN IT FRYSK

- 'Wy prate thús Frysk en de hiele famylje is Frysk. Dan tink ik: de bern hearre op dy manier genôch Frysk.'

Nei in muzikaal yntermezzo hold Willem Verf in koarte presintaasje oer it ferrin yn it aktive gebrûk fan de Fryske taal oer de lêste desennia. Hy gie benammen yn op langjierrich ûndersyk fan ûnderwiiskundich ûndersiker Geert Driessen. Dêrút docht bliken dat it persintaazje ynwenners fan Fryslân dat ûnderling Frysk praat, sûnt de jierren tachtich stadichoan tebekrûn is. Alden prate minder faak Frysk ûnderling, noch minder faak mei de bern, mar de grutste delgong is te sjen by de taalkar fan skoalbern ûnderling. Prate yn 1985 noch 55% faak of altyd Frysk mei freonen en boarters, yn 2014 wie dat noch mar 22%. Dêrby helpt it ek net dat it Frysk yn it ûnderwiis lang net oeral goed syn gerak krijt, liet âldfoarsitter Pier Bergsma fan de Fryske Beweging yn in twadde presintaasje sjen. De measte skoallen biede net alle kearndoelen fan it fak Frysk oan en ek as dat wol bart, nimt Frysk ornaris net mear as in tige beskieden plak yn it folsleine ûnderwiisprogramma yn. In útsûndering binne guon trijetalige skoallen, wêr't it Frysk ek as ynstruksjetaal brûkt wurdt, al komt it Frysk ferlike mei it Ingelsk wolris oan de krapperein, sa fertelde Bergsma.

De bydragen fan Verf en Bergsma wiene mei bedoeld om de dielnimmers fan nije ynformaasje te foarsjen en har op basis dêrfan reflektearje te litten op har eardere stânpunten by de stellingediskusje. Dêrút hie ommers rûchwei bliken dien dat de Trynwâldsters oan 'e iene kant in positive hâlding foar it Frysk oer ha en it bêste mei de taal foar ha, mar dat se oan 'e oare kant in aktiver gebrûk en it fersterkjen fan de posysje fan it Frysk bygelyks yn it ûnderwiis al gau oerdreaun en te fier gean fine.

'Minsken wólle dus net dat it Frysk ferdwynt, mar tink derom: maatskiplike prosessen binne hiel ynfloedryk', brocht Verf yn. 'Sjoch mar nei de smartphone, de tablet, tillefyzje – hast alle ynformaasje dy't ta ús komt, is Nederlânsk- of Ingelsktalich. In lytse taal komt dêrtroch ûnder druk te stean. As wy mei ús allen wolle dat sa'n taal bestean bliuwt, moatte wy dêr dus hiel bewust keuzes yn meitsje.'

'Talen binne net lykwaardich. Mei Nederlânsk komst fierder as mei Frysk en mei Ingelsk komst fierder as mei Nederlânsk, dat is no ienkear sa', heakke Bergsma oan de diskusje ta. 'Salang't de ekonomyske wearde fan it Frysk sa lyts bliuwt – dus salang't de taal amper in funksje-eask is yn bestjoer, soarch en yn oare sektoaren – sjocht it der net goed út foar it Frysk.'

De dielnimmers joegen lykwols oan dat de jongste generaasje it Frysk noch wol oppikt. Foar bern út frysktalige húshâldings is Frysk wol de gewoane omgongstaal, al binne der útsûnderingen dat it bern Nederlânsk praat ek al prate de âlden beide Frysk. It kin in teken wêze dat bern al op tige jonge leeftyd besef ha fan sosjaal statusferskil en dêrom it Nederlânsk foar kar nimme. As de bern mar folhâlde mei it Nederlânsk, dan falt it foar âlden net ta om sels wol stûf troch te gean mei Frysk te praten. De fiertaal yn de húshâlding kin dan maklik op Nederlânsk oergean, ek al wie dat net de bedoeling fan de âlden.

Dielnimmers seagen oars ek positive punten. 'Wy begjinne hieltyd mear yn it Frysk te appen, ek yn appgroepen. Dat fyn ik wol hiel moai', fertelt ien fan harren. 'Dat is wat posityfs fan de nije kommunikaasje. Appe is leechdrompelig, mear as praten. Dêrtroch brûkst earder Frysk as yn in brief. Mar appendewei wol ik dochs wol better skriuwen leare, dat dan sykje ik wurden op yn it online wurdboek. Sa learst by.'

De diskusjemiddei kaam ta in ein mei muzyk en in drankje. De inisjatyfgroep sil de middei evaluearje en beslute hoe't in eventueel ferfolchtrajekt derútsjen kinne soe.

In moai kompleet ferslach fan it Taalfeestje! Mar der is mear:

Byldregistraasje

Fan de middei is in 'minydoku' makke troch "CINEMAKKERS" út Ljouwert. Mei it beskikbere budzjet hawwe hja in maksimale prestaasje levere. Benammen om de diskusje goed wer te jaan, hie ynset fan mear mikrofoans en minsken om dy te betsjinjen nedich west, mar dêrfoar ûntbruts it jild. De minydoku jout likegoed in prima ympressy fan it Taalfeestje. Hy is te besjen en del te laden fia www.willemverf.frl.

Wat wie der nedich om dit taalfeestje organisearje te kinnen?

Werving fan fûnsen

Sûnder jild kin men neat organisearje. De stichting BMD hat jild frege by de Provinsje Fryslân en it Jan Roelof Geertsma Fonds. Dy seinen respektivelik € 3000 en € 2000 ta. Sûnder dizze bydragen hie it Taalfeestje net mooglik west. Even drige it op it ein al mei al djoerder te wurden as € 5000; de Ried foar de Fryske Beweging stelde har doe garant foar de mearkosten. Gelokkich hoegden wy dêr úteinlik gjin gebrûk fan te meitsjen. It oanfreegjen fan jild datearre al fan 2019 en begjin 2020. It duorre lykwols twa jier ear't it feestje organisearre wurde koe, fanwegen koroana. Wy tankje it Geertsmafûns en de Provinsje foar har kûlântens!

Werving fan dielnimmers en wat dêr mei aneks wie

By de Provinsje tocht men earst dat de ôfdieling foarljochting hjir in rol yn spylje koe. Nei in ferkennend petear die bliken dat soks dreech wurde soe. De ôfdieling is ynsteld op it oerbringen fan ynformaasje fan de Provinsje oan de ynwenners fan Fryslân. Werving fan dielnimmers dy't meidogge oan in gearkomst dêr't ynformaasje útwiksele wurdt, wêrby de organisaasje benammen ek optrede wol as ûntfanger fan ynformaasje en net primêr as ynformant, dat wie foar har gjin fertroud terrein.

Wy hawwe dat spoar sadwaande rillegau loslitten. Wat by ús foarop stie, wie dat de werving net by iepen útnûging plak fine koe. Want wy woenen gjin risiko rinne dat de gearkomst dominearre wurde soe troch útsprutsen djip- en/of Antyfriezen mei mieningen en emoasjes dy't fêst ferankere binne. Soksoarte diskusjes wurkje ûntmoedigjend, fine wy. Dêr wurdt gjinien wizer fan. Sadwaande: op útnûging minsken werve.

Yn in foarpetear mei û.o. fertsjinwurdigers fan Dingtiid waard ús de suggestje oan de hân dien om benammen jongeren te nûgjen. Wy hawwe dat, nei oerlis mei de persoanen dy't úteinlik de werving foar ús fersoarge hawwe, opfetten as: relatyf jonge minsken tusken de 25 en 40 dy't folop yn it maatskiplik libben stean, jonge bern hawwe of mei in jier of wat krije kinne. Dat is de meast ynteressante kategory persoanen as it giet om de takomst fan it Frysk.

Dat hie wol konsekwinsjes foar it tiidstip en de dei: it moast plak fine op in deidiel dat safolle mooglik minsken fan de doelgroep har frij meitsje en fiele koenen om mei te dwaan. Sa kamen wy op in sneintemiddei.

Wat wy ús ek ôffregen wie: wêr yn Fryslân situearje wy ús proef? Dat moast in wat grutter doarp of in regio wurde dêr't sawol Frysktaligen as Nederlânsktaligen har thúsfiel. Sadwaande foel ús each op de Trynwâlden.

De beide manlju dy't ús holpen hawwe by de werving, binne troch har eigen frijwilligerswurk goed thús yn it ferienings- en tsjerkelibben yn de Trynwâlden. Sûnder har ynset hienen wy de dielnimmersgroep net by elkoar krigen. Om har wurk te stypjen soargen wy foar in koarte fleurige beskriuwing fan it Taalfeestje dat ús foar eagen stie (dy giet hjirby). Likegoed: in persoanlike útnûging troch in bekend en wurdearre persoan wie perfoarst needsaaklik. Graach hienen wy ek jonge minsken mei (of út) in ientalich Nederlânske húshâlding as dielnimmer derby hân. Dat slagge mar yn in inkeld gefal. It levere ús it ynsjoch op dat minsken, dy't yn har deistich libben amper mei it Frysk te krijen hawwe, dreech te rissen binne foar in aktiviteit as dizze.

Wol men ek op oare plakken in Taalfeestje organisearje, dan is in absolute betingst dat der yn it foar in pear lokale minsken útnûge wurde om mei minsken fan de organisaasje dit

Taalfeestje ta te rieden. Dat moatte minsken wêze dy 't goed op 'e hichte binne mei it pleatselik ferieningslibben en flink wat kunde hawwe ûnder de relatyf jonge minsken dy't dêr aktyf yn binne. Tink oan: frijwilligers út it kulturele libben, de sport, de tsjerken. Dy lokale minsken sille fansels ek entûsjast wêze moatte oer it idee achter it Taalfeestje! En ree om har by de werving yn te setten, mei it doel in represintative rûnte fan dielnimmers by elkoar te krijen.

It foarwurk jout de trochslach. Yn ús gefal gie it om aktive minsken út it korps, de kuorbalklup en de tsjerken. Hja hienen in beskiedende rol. Sûnder har hienen wy gjin dielnimmers hân.

Útnûging foar de dielnimmers

Ûndersteand struibledsje krigen de neamde aktive minsken dy't ús stipen by de werving mei om út te dielen.

Lees je liever Nederlands? Even doorscrollen! (NL tekst is hjir net opnaam)

TAALFEESTJE YN DE TRYNWÂLDEN

Hjir hastû wol sin oan!

No ris kompleet wat oars. In spannende Fryske sneintemiddei mei bysûnder fermeits, kabaretlike optredens, in trûbadoer mei de premjêre fan in nij liet, boartlike diskusje, humor en nijsgjirige feiten. Mar ek mei in aktive ynbring fan dy. Hoe giestû mei de Fryske taal om, hoe komt it aanst mei it brûken fan de taal? Dû dochst mei, tegearre mei sa 'n tritich oare minsken fan dyn generaasje út de Trynwâlden. Jimme ûnderfining en miening wurdt wurdearre. It barren wurdt registrearre yn byld en lûd, foar elk dy't meidocht. 'Film' en lûd kin fansels frij-út dield wurde mei oaren.

Wêrom is sa'n evenemint fan belang?

De Fryske taal kin rekkenje op in protte sympaty. Ek by minsken dy't meast Nederlânsk prate. En de measte Frysktaligen kenne in soad oare minsken dêr't se graach Frysk mei prate. Dy taal om dy hinne, dat jout in thúsgesoel. Mar stadichoan komme der minder brûkers. De measte 'lytse' talen ferdwine yn dizze moderne wrâld. Dat is no ienkear sa't it giet. Of soe dêr wat oan te dwaan wêze? It hinget fan de minsken fan no ôf, oft it Frysk yn de takomst noch brûkt wurdt. Wat tinkstû? Hoe wolst it leafst sels mei de taal omgean yn de kommende jierren?

Praktysk:

It barren fynt plak op in sneintemiddei yn juny 2022, op in moai plak yn de Trynwâlden. De tagong is op útnûging en fergees, krekt as alle konsumpsjes. It kin wêze dat de Omrop en de Fryske kranten in reportaaazje meitsje. Sadree't bekend is wa't de wierskynlike dielnimmers binne, krijt elk in programma mei alle details.

Wat bart der mei it resultaat?

De registraasje fan dizze middei en it ferslach wurdt oanbean oan Deputearre Steaten fan Fryslân. Is ús happening slagge, dan kin dit op folle mear plakken yn Fryslân dien wurde. Dêr leare alle ynwenners fan Fryslân fan. En dan kinne de Provinsje, de skoallen en alle ynstellings dy't mei it Frysk anneks binne, folle better belied meitsje. Omdat it basearre is op wat minsken sels dwaan wolle foar it al dan net fuortbestean fan it Frysk.

Minsken dy't tasein hienen te kommen krigen ûndersteande e-mail (ek dûbeldtalich):

Bêste,

Wat moai dat jimme meidwaan sille/datstû meidwaan silst oan ús taalfeestje op snein 12 juny.

Wy begjinne dy deis om 14.30 oere, it programma duorret oant 17 oere en der is in neisit oant ± 18 oere.

Der binne sa't no liket sa 'n tritich dielnimmers, de measten út de Trynwâlden.

Op it stuit wurdt der hurd wurke om it programma en alles wat dêr mei te krijen hat sa perfekt mooglik te organisearjen.

Om definityf ôfspraken meitsje te kinnen mei de lokaasje dêr't it plak fynt, is it nedich dat wy witte hoefolle ferlet der is fan berne-opfang, en wat de leeftiden fan de bern binne dy't dan opfang wurde moatte. Soenen jimme ús dat witte litte wolle, wannear't dit foar jimme fan belang is?

Hawwe jimme/hastû der beswier tsjin dat de dielnimmerslist mei alle nammen der op ûnder alle dielnimmers ferspraat wurdt? Lit ús dat dan witte, dan hâlde wy der rekken mei.

Ek as jimme gjin ferlet hawwe fan berne-opfang en gjin beswier hawwe tsjin it dielen fan jimme namme mei de oare dielnimmers, krije wy graach even in reaksje, by foarkar foar 25 april.

Mei freonlike groetnis,

Willem Verf, sekretaris BMD-Fryslân

Antje Postma, koördinator taalfeestje.

Programma mei fariaasje: de plannen, Omrop Fryslân, akteurs en sênes...

Wat ús foar eagen stie kaam foar grutste part oerien mei it úteinlike programma. It moast serieuus en tagelyk net swier wêze. In muzikale of oars artistike bydrage moast gearhingje mei it tema dat sintraal stie.

Op twa punten wie der lykwols ferskil mei ús oarspronklik plan.

Graach hienen wy sênes spylje litten oer meetings tusken minsken, of situaasjes mei ynstânsjes, dêr't it wat in ferlegene boel wie mei it brûken fan it Frysk. De akteurs dy't wy dêrfoar op it each hienen, hienen yn 2019 in programma dat hjir gaadlik foar wie. Dat programma bea bygelyks mooglikheden foar publyk/dielnimmers om aktyf te partisipearjen, en soe diskusjes in ekstra diminsje jaan. Nei twa koroana-jierren hienen dizze akteurs lykwols in oar repertoire. In besykjen om dochs noch, mei professionals en amateur-spilers, in tal fan sokke sênes spylje te litten, slagge net. Sawol profesjenels as goede amateurs wienen begjin '22 drok yn allerhanne projekten, bygelyks iepenloftspullen. Programmatysk hawwe wy dat opfongen mei wat mear stellingen en in optreden fan rapper Sample Text. It twadde punt dat oars waard as wy ferwachte hienen, wie de meiwurking fan Omrop Fryslân. Direksje en haadredaksje wienen fan miening dat it net op de wei fan de Omrop lei om in reportaasje te meitsjen fan it Taalfeestje. Ek in opname fan it spesjale liet ("It Frysk giet fleurich nei de ein") siet der net yn. Sadwaande hawwe wy sels in miny-doku meitsje litten. Finansjeel wie dat mooglik, omdat der gjin akteurs betelle hoegen te wurden...

De lokaasje en de berneoppas

It plak dêr't it Taalfeestje hâlden wurde soe, moast neffens ús passe by it serieus-mar-boartlik karakter fan it barren. By Kafee 'It Wapen fan Fryslân' yn Oentsjerk hienen wy in prima plak, mei ek omdat buerthús BOB deunby wie en wy dêr alle meiwurking krigen foar in parallel berne-programma. In takomstich Taalfeestje soe him fansels ek yn in biblioteek of doarps hûs ôfspylje kinne, mits der goede fersoarging is mei wiet en droech, flotte betsjinning en fasiliteiten foar berneoppas. Foar it stellingespul is it, by mear as tweintich dielnimmers, needsaaklik dat der twa romten tagelyk brûkt wurde kinne. De berne-opfang moat fersoarge wurde troch ien of twa Frysktalige professionals; tanksij de earder neamde manlju dy't ús holpen mei de werving koenen wy op 12 juny ek oer fertroude profesjonele oppas beskikke.

Koördinaasje en 'flier-management'

It is fan grut belang dat der immen is dy't de spil is by it ferstjoeren fan útnûgings, it befêstigjen fan ôfspraken, it hâlden fan in foarpetear mei de minsken fan de lokaasje, it tsjekken fan de beskikbere apparatuer, it ûntfangen fan de dielnimmers, it beweitsjen fan de tiidgrinzen fan de programma-ûnderdielen en gean sa mar troch. Yn ús gefal fersoarge Antje Postma fan buro "Ventoux" dit wurk – as frijwilligster. Út belutsenens by it Frysk wurke sy as betûft organisator foar nul sinten. By takomstige Taalfeestjes sil hjir dit út soarte net wer fergees kinne.

It programma neier besjoen ien

Piter Wilkens, Sample Text, De Bazuin (Oentsjerkster Brassband)

Trûbadoer en Rapper makken sels in seleksje fan lieten dy't foar de gelegenheid passend wiene. Hja krigen in normaal honorarium – foar it optreden, net foar alle omballings der om hinne.

De Bazuin waard spesifyk om meiwurking frege by it spyljen fan it aksjeliet. In beropsmuzikus makke op basis fan it troch Piter bepaalde akkoardeskema in arranzjemint foar fjouwer fan harren blazers. Ien jûn waard der oefene yn Oentsjerk troch Piter Wilkens, Sample Text en it kwartet fan de Bazuin.

De Bazuin en de arranzjeur waarden neffens gongbere noarmen betelle.

De tekst fan it liet waard makke troch Piter en Willem Verf, mienskiplik, yn trije oefensessys. Hjirûnder folget dy tekst (it komplette liet mei akkoardeskema is as taheakke opnaam):

It Frysk giet fleurich nei de ein

Mei sprekken en bearen en fleurige sang
Brûke wy Friezen, no al tûzen jier lang
In keatling fan lûden, apart mar normaal
It Frysk, dat ferbynt ús, sa'n sjongsume taal.

In taal dy't ta wûndere hichte ús bringt
Ta dichtsjen, ta sjongen, sa prachtich, it swingt
Mei wille, sa spylje wy rûnom toaniel
Sa goed, gjin twifel, yn it Frysk leit ús siel.

(kearsang) **Oer ús taal binne wy o sa optein**

Dus giet it Frysk hiel fleurich nei de ein.

De folgjende 4 kûpletten waarden rapt

It lief famke seit dat se fan him sil hâlde
En har Fryske friend is echt net in kâlde
Gau wenje sy samen en krije in beby
Tsjin bryk Frysk en liefde is eins gjin remedy

Dat echte Friesk kinne wy hjir net sprekke
Om't wy dêroer úse tongen soenen brekke
Wy hawwe dat froeger noait kinne leare
Master sei toen dat je niks moat' forseare

Dat bern op skoalle no Frysk kinne krije
Is super fansels, dat mei wy wol lije
Mar rekkenjen, Nederlânsk, datsoarte fakken
Bin' wol sa belangryk om aanst net te sakken

In mins wol it bêst foar syn bern, net wier?
Mei't Frysk kom je dan helemaal net sa fier
Want as ien letter karriêre wol meitsje
Silst sjen dat der niemand echt blij fan sil reitsje

(kearsang) **Oer ús taal binne wy o sa optein
Dus giet it Frysk hiel fleurich nei de ein.**

No waard it wer sang
It ûnderwiis sil ús fêst rêde, jawis
Mar is der hjir en dêr ek in lyts bytsje mis?
Leararen dy't sels oer ús taal sa stinne
Soenen sokken ús bern wat goeds leare kinne?

Ús Fryske Provinsje hat belied betocht
Dêrtroch gie it Frysk fan in geunst nei in rjocht
Mar it hat ús oant no ta net safolle brocht
Want rûnom is der gjin Frysk dat men sjocht.

(kearsang) **Oer ús taal binne wy o sa optein
Dus giet it Frysk hiel fleurich nei de ein.**

Mei goed hûndert jier is it oer, is it dien
Leit de lêste Fryskprater ûnder in stien
Mar jakkes, wy wolle dochs hjoed gjin min sin
Dus genietsje mar ta sa lang it noch kin!

It programma neier besjoen twa

Stellingspul en Stellingen

Oer de te brûken stellingen yn de diskusje peteare it BMD-bestjoer. Úteinlik levere dat de folgjende rispinge op:

1. Sûnder it Frysk is Fryslân net langer Fryslân
2. Men mei him gerêst in Fries of Friezinne fiele, ek al behearsket men it Frysk net
3. Alle ynwenners fan Fryslân hearre it Frysk ferstean en lêze te kinnen
4. Alle minsken yn Fryslân moatte har der foar ynsette dat it Frysk bliuwt
5. It is wol sa fatsoenlik om jo oan te passen by de taal fan de persoan dêr't jo mei prate
6. Wa't Frysk prate kin, heart yn it kontakt mei oare minsken yn Fryslân yn alle gefallen te begjinnen yn it Frysk
7. Yn ferienings, fergaderingen en gearkomsten yn Fryslân hearre Frysktaligen frij-út Frysk te praten
8. Foardat men it sels yn 'e gaten hat, praat men as Frysktalich persoan yn fergaderingen en sa Nederlânsk

9. Yn minstens in tredde part fan de lessen op basisskoallen soe de fiertaal Frysk wêze moatte, ek by fakken as rekkenjen en ierdrykskunde bygelyks
10. As der op in basisskoalle in protte oandacht is foar it Frysk, kieze in soad âlden leaver foar in oare skoalle, dêr't folle minder dien wurdt oan it Frysk
11. De oerheid soe alle skoallen yn Fryslân ferplichtsje moatte om minstens yn in tredde part fan de skoalletiid konsekwint it Frysk te brûken
12. Ik sil sels net sa gau in learkrêft of de skoalieding oansprekke as der temin oan it Frysk dien wurdt.

De regels foar it spul STELLINGEN YN BEWEGING wiene:

By dit spul kinne alle dielnimmers fernimme litte hoe't se tinke oer in stelling dy't har toand wurdt, sûnder yn earste ynstânsje wat te sizzen. Sa wurdt elk útdage om syn posysje te bepalen. Dat bart letterlik: dielnimmers sitte net, mar stean en rinne.

De spullieder toant ien foar ien de stellingen, by foarkar mei in flipover. Elke nije stelling moat in ferrassing wêze foar de dielnimmers. As de stelling dy't oan de oarder is toand en lêzen is, kieze de dielnimmers swijend posysje. Dat is by it buordsje IENS of by it buordsje NET MEI IENS of by it buordsje TWIFEL.

Ferfolgens daget de spullieder in dielnimmer by bygelyks ien fan de iens of ûniens buordsjes út om de twivelders te oertsjûgjen fan syn of har opiny. Mocht dy argumintaasje derta liede dat ien fan de oare dielnimmers fan miening feroaret, dan moat sy/hy ek swijend nei de minsken ferhúzje dy't by it oanbelangjende buordsje stean. Alle mooglike feroarings yn it posysje-kiezen binne fansels tastien.

Men mei allinne it wurd fiere op útnûging fan de spullieder, mar troch de hân op te stekken kin men oanjaan dat men it wurd hawwe wol. En 'ferhuzers' binne fansels foar de spullieder oantreklike persoanen om it wurd te jaan. Hokker argumint makke dat sy/hy fan miening feroare?

De spullieder moat sels ynskatte wa't it wurd krijt en werom. Dêrby moatte ferskillende minsken oan it wurd komme, mar net elk hoecht by elke stelling it wurd te fieren. It moat wat flot trochgean. De dielnimmers kinne, as sy fine dat der arguminten binne dy't gjinien neamt, de spullieder (mei hânopstekken) attint meitsje op it feit dat sy noch wat te melden hawwe dat oars miskien fergetten wurdt.

Wannear't by in beskate stelling de posysjes wol fêstlizze, en men elkoar net mear oertsjûgje kin dat der fan posysje feroare wurde moat, wurdt it tiid foar de folgjende stelling.

By foarkar binne de stellingen sa formulearre dat in folgjende stelling de foarige relativearret of krekt skerper set.

Op it Taalfeestje is it stellingespul foaral bedoeld om de dielnimmers yn in modus fan 'aktyf meidwaan' te bringen. En op in prikeljende wize it tema fan de middei sintraal te stellen. It giet net om definitive mieningsfoarming foar of tsjin wat dan ek. Dat is mear foar it slotpetear, mar ek dêrby is alle romte foar relativearring en nuânse. Yn dat slotpetear draait it om de fragen: soest graach wolle dat it Frysk bliuwt en sa ja, hoe kinst en wolst sels oan dat fuortbestean bydrage?

Neipetear en evaluaasje Taalfeestje Trynwâlden

14 septimber 2022, Ryptsjerk

Inkelde notysjes nei oanlieding fan it petear, dêr't sân dielnimmers en seis 'organisatoaren' by wienen.

Oer de opset fan de middei:

- Goed organisearre, ôfwikseljend programma, 'echt een uitje'
- Draacht tige by oan de eigen bewustwurding
- Dat it Frysk stadich achterút giet, dat realisearje ik my no
- Krekt wat koarter programma soe better wêze
- Minder stellingen
- As der yn twa groepen wurke wurdt, dan hoege dy net beide deselde stellingen
- Koarte presintaasjes mei ynformaasje wienen goed
- Organisatoaren gienen dochs no en dan mei elkoar yn diskusje, dat moat net
- Wat minder optredens? Ien artyst is faaks genôch
- Der wienen mar in pear minsken dy't net-Frysktalich binne
(*Reaksje fan ien fan de organisatoaren, dy't him foaral mei de werving fan dielnimmers dwaande hâlden hat: "Ik haw meardere Nederlânsktaligen benadere, mar dy hienen der gjin sin oan".*)
- Ek oare 'anderstaligen' as Nederlânsktaligen soenen der eins by wêze moatte
- It soe goed wêze om by de start oan te jaan dat der ferskillende 'soarten' Frysk binne, en dat de iene net minder is as de oare

Oer de doelgroep:

- Goede kar om benammen minsken mei jonge bern (en oaren tusken de 25 en 40) te freegjen
- Jongere minsken, en seker pubers en bern, dy moast foar soks net útnûgje, dy binne mei oare dingen dwaande
- Pas ast krekt wat âlder bist, begjinst it te wurdearjen, datst dy hjir thúsfielst yn Fryslân en dat it Frysk dêr by heart, by dat gefoel
- It giet om stilstean by wat fan belang is foar dyn identiteit, en watst trochjaan wolst
- Mar it giet ek om it meinimmen fan minsken dy't net mei it Frysk opgroeiden, en dy't wol diel út meitsje fan de mienskip
- Dy moatte op sa'n Taalfeestje fernimme dat sy meidwaan kinne, ek al prate sy sels de taal net
- In taalfeestje kin mooglikheden biede om kontakt te meitsjen, dat der mear begryp foar elkoar komt

Oer de takomst fan it Frysk:

- Nederlânsk en Ingelsk binne dominant, dat feroarest net
- Bewustwurding oer de swakke posysje fan it Frysk is fan belang foar mear draachflak
- Yn it ûnderwiis foarsichtich wêze mei swiere ferplichtings, ropt wjerstân op by âlders en learkrêften
- Soe wol goed wêze as behearsking fan it Frysk faker frege waard, bygelyks foar bepaalde funksjes by de oerheid

- Minsken 'fan bûten' dy't besykje Frysk te praten moatte net ferbettere en útlake wurde
- Der moat mear Frysk op de tablet foar jonge bern beskikber wêze
- In protte berneboeken, foaral ek foar jonge bern, mei plaatsjes, dat is en bliuwt fan grut belang
- It foarlêzen, dêr leare de âlders ek noch fan
- Nij-ynkommende minsken yn Fryslân aktyf in kursus oanbiede
- Yn safolle mooglik doarpshûzen moatte sokke kursussen bean wurde
- Mar dy moatte wol licht en fleurich fan opset wêze
- Der moat folle mear sutele wurde mei Fryske Boeken, de kroade, dy wurdt mist

Rûzing tal oeren frijwilligerswurk foar dit Taalfeestje

• Fûnswerving	30
• Dielnimmerswerving	80
• Tariesing programma: ûntwerpen stellingen, tariesen ynliedings	20
• Tariesing muzikale ynbring, kontakten musisy, korps, arranzjeur	50
• Tariesen programmaûnderdiel sênes en akteurs	40
• Oerlis mei en oer lokaasjes, catering en technyk	20
• Koördinaasje en fliermanagement 12 juny	10
• Organisaasje berneoppas	10
• Lieding jaan oan aktiviteiten op 12 juny	15
• Oerlis mei ferslachs kriuer	2
• Oerlis mei makkers Miny-Doku	23
• Administraasje en sa	20

Totaal sa 'n 320 (yn 2022).

Ûntstean fan it idee BMD en in persoanlike epilooch fan de inisjatyfnimmer

Skreaun yn 2022, jusjes bysteld yn 2024, nei't bekend waard dat der troch Ryk en Provinsje 17 miljoen ynvestearre wurde soe yn belied om it Frysk te stypjen

Sprekke op it Klif yn 1989

Yn 1989 frege de organisaasje fan de Slach by Warns-betinking my om ein septimber te sprekken op it Reade Klif. Myn earste refleks wie om nee te sizzen, mar ik hâlde my gelokkich yn. Ik betocht dat soks flau wêze soe. Hja hienen bûten de bewende rûnten socht om in sprekker, dat wie moai. Sa bringt men ferskillende belibbingswrâlden by elkoar.

Mar: ik woe perfoarst gjin ferhaal hâlde oer wat ús Friezen oandien wie yn earder tiden en hoe't wy hjoeddei hieltiid noch oan it efterste spien lizze. Soks lit ik graach oan oaren oer. Wat koe ik wol ynbringe? Ik fielde (en fiel) my tige ferbûn mei de Fryske taal, neffens my de kearn fan de Fryske identiteit. Ik hie yn de jierren tachtich trije Fryske boeken skreaun, út dy boeken spruts in links-progressive libbensfisy – wat is der út sa'n posysje wei te sizzen oer de takomst fan de taal en dus ús identiteit?

Op basis fan wat ik waarnaam yn it deistich libben wie ik doe al oertsjûge fan in stadige efterútgong fan it tal brûkers fan it Frysk. It koe allinne mar oars en better wurde as it Frysk in promininter plak krige yn Fryslân, as it mear, better en natuerliker brûkt wurde soe yn ûnderwiis, bestjoer en media. Lykwols – sa'n plak kin de taal allinne mar krije as in soad brûkers dat wolle.

Wêrom wolle temin minsken dat, frege ik my ôf? In omkear soe der komme kinne as der mear minsken har bewust wienen fan de feitlike situaasje dêr't it Frysk yn ferkearde, beredenearre ik. Doe betocht ik dat in Brede Maatskiplike Diskusje oer de taal en it brûken derfan, goed taret, soarchfâldich útfierd en ferslein, foar de needsaaklike bewustwurding soargje koe.

Sadwaande waard de BMD-Frysk it sintrale ûnderwerp fan dy taspraak.

Yn de jierren dy't folgen

waard ik no en dan oansprutsen op it idee. En as ik kâns seach om it wer ris op it aljemint te bringen nei oanlieding fan bygelyks soarchlik nijs oer it Frysk, liet ik dat net nei. Fan Pieter de Groot krige ik stipe. Frâns Kuipers, Jabik van der Bij, Pier Bergsma, Rimmer Mulder, Antsje Postma seagen it ek sitten mei sa 'n BMD. Wy organisearren no en dan gearkomsten en krigen publisiteit. Ûndertusken flakkeret it ljochtsje mear as 30 jier. It waard heech tiid foar in serieuze proef, fûnen wy. Dy proef hat no west en jout reden om it idee fannijs te promoatsjen.

De sintrale fraach by de BMD, doe en no: kin it Frysk bestean bliuwe?

Der binne ferskillende manieren om dizze fraach te ûntwiken. De Djipfries sil sizze: "It is gjin kwestje fan kinnen! It moat gewoan, it heart sa, wy hawwe der rjocht op!" Wa't emosjoneel net safolle mei de taal hat, seit: "Wy sille it wol sjen. Ik kin my der net sa drok om meitsje." De lêste restearjende Antyfriezen sille sizze: "Het Fries is een belemmering. Hou er mee op om het te promoten."

De measte minsken hoege nammers neat te ûntwiken, want se stelle harsels de fraach net. En hy wurdt hearren ek komselden steld.

“It giet ommers sa goed as wat...”

It ûntwikken fan de fraach oft it mooglik is dat it Frysk bliuwt as libbene taal nimt betiden wat yngewikkelde foarmen oan. Soms ek by de Provinsje. Dy Provinsje fiert taalbelied en wol mei in ferskaat oan maatregels it brûken fan it Frysk stimulearje. Tagelyk wurdt der konstataarre, op grûn fan yn opdracht fan de Provinsje útfierde ûndersiken, dat it Frysk libbet as in hert. Wêrom soene jo dan stimulearjend belied fiere wolle, kin men him ôffreegje...

Wêrom soenen de minsken har dan wol bûgje moatte oer dy fraach?

Allerhanne maatregels wurde bepleite. Lykas bygelyks: wol it Frysk de fuotten steviger ûnder it gat krije, dan sil it Frysk folle sichtberder wurde moatte yn de iepenbiere romte. En der moat folle mear en better ûnderwiis yn it Frysk wêze. Yn de funksje-easken foar amtners en oare publike tsjinstferlieners moat tenei fêsthâlden wurde oan aktive behearsking fan it Frysk. Minsken dy't by de oerheid of by troch har subsidiearre ynstellings wurkje en it Frysk mûnling en skriftlik goed behearskje, soenen mear fertsjinje moatte as guon dy't dat net kinne. It moat letterlik en figuerlik leanje wannear't jo Frysk behearskje.

Soks soe allegearre yndied tige geunstich wêze foar it Frysk.

Grosso modo is der wat my oanbelanget gjin ferskil fan miening mei guon aksjefierders. Mar... ditsoarte maatregels binne ûnhelber sa lang as wy de fraach “kin it Frysk bestean bliuwe” ûntwike. Want wat men as oerheid ferordinearret, moat oanslute by wat minsken akseptabel en winsklik fine. Wat mooglik is, dêr komme wy meimekoar pas achter as wy it ús yn alle oprjochtens ôffreegje, yn diskusje, dialooch en petear. Sûnder bewustwurding fan de feitlike situaasje sil der yn de praktyk neat feroarje. Oft it Frysk bliuwe sil, hinget ôf fan de reewilligens fan grutte groepen Friezen om har foar dat fuortbestean yn te setten. Primêr yn it deistich hâlden en dragen. Wolle wy as ynwenners fan Fryslân dy ynset dwaan, dan kinne wy net sûnder konsekwint taalbelied fan de oerheid. Yn dy folchoarder de kwestje benaderje, helpt ús oan nije ynsichten en oan better belied. No't de sympaty foar de Fryske taal stadichoan ek liedt ta rommere budzjetten foar taalbelied, is dat namste mear fan belang.

Yn de dialooch mei provinsjegenoaten sille wy meimekoar de beskiedende arguminten en gefoelens ûnder eagen sjen. Allinne sa komme wy der achter hoe grut de kâns is dat der in posityf antwurd komt op de sintrale fraach: kin it Frysk bestean bliuwe? Mar in posityf antwurd hat allinne mar wearde as it sykjen om in earlik antwurd sintraal stiet. Gjûn manipulaasjes rjochting ja of nee. Wol bewustwurding: wat is de aktuele situaasje fan it Frysk? Hoe stean ik/steane wy deryn?

Hoe giet it ornaris, sûnder BMD?

Minderheidstalen ferdwine yn 'e regel. De alderbelangrykste betingst foar it fuortbestean fan in minderheidstaal is: in grut kultureel en ekonomysk isolemint fan de regio dêr't dy taal sprutsen wurdt. Anno 2023 is dêr amper earne noch sprake fan, en yn Fryslân wis net. De autonome ûntwikkeling is: it Frysk leveret yn te 'n geunsten fan it Nederlânsk, it Ingelsk wint terrein op kosten fan it Nederlânsk en it Frysk.

Hoe sterk en hoe rap it Frysk ûnder jonge bern op syn retoer is, wurdt sichtber makke troch de ûndersiken fan dr. Geert Driessen fan de Radboud universiteit yn Nijmegen. Yn tweintich jier, tusken 1994 en 2014 sakke it oantal bern dat ûnder elkoar Frysk prate fan 44 nei 22% fan de Fryske basisskoallebern. Driessen is mei pinsjoen en de universiteit is stoppe mei ditsoarte ûndersyk. Der is lykwols alle reden om der fan út te gean dat dizze trend trochset.

Sa'n trend keare jo net mei twang en ferplichtings

Gelokkich is foar op twang basearre belied gjin draachflak. Want wêr soe men sokke ferplichtings op basearje kinne? Nim it ûnderwiis. Minstens 2/3 fan de basisskoalle-leararen ûntbrekt it oan de feardigens en de belutsenens om yn en oer it Frysk les te jaan. In nei alle gedachten like grut part fan de âlders fynt it Frysk net sa wichtich. In flink diel fan âlders en leararen sil him en har, wannear 't mear Frysk ûnderwiis sûnder dialoach yn it foar ynfierd wurdt, dêr tsjin fersette. Wolle jo de autonome ûntwikkeling ombûge, dan binne der in protte bewuste brûkers fan de taal nedich: Frysk-sprekkers dy't it *op priis stelle* dat har stribjen om de taal te behâlden befoardere wurdt troch ûnderwiis en oerheidsbelied. Tagelyk sille net-Frysksprekke minsken yn ús regio dit stribjen yn mearheid oprjucht stypje moatte, bygelyks troch it Frysk passyf te behearskjen. En troch der tagelyk aardichheid oan te hawwen dat ek har bern wat meinimme fan it Frysk. En Frysktaligen sille it net nuver fine moatte om dizze dingen te ferwachtsjen fan net-Frysktaligen. Foar in protte minsken sil dit in omkear yn tinken fergje. It is tige ûnwierskynlik dat sa'n omkear spontaan ûntstiet.

In protte sympaty

De reewilligens ta persoanlike ynset is wat oars in positive ynstelling. Der is gelokkich in protte sympaty foar it Frysk. Echte Antyfriezen binne sterk yn de minderheid. Mar it besef dat foar in fuortbestean fan it Frysk ús aktive ynset nedich is, dat bewustwêzen is der by de measte ynwenners fan dit gewest net. It Frysk bliuwt der net omdat wy it sa'n moaie en sjongsume taal fine, mar wol wannear't it ek echt brûkt wurdt – wannear't men der yn dit gewest net sûnder kin. De bekende ferliking mei fisken, dy't net witte dat sy yn wetter swimme, is hjir op har plak. De measte primêr Frysktaligen hawwe yn har deistich libben no noch in protte oare Frysktaligen om har hinne. It brûken fan it Frysk is foar har normaal. No en yn de takomst sille de situaasjes wêryn men Nederlânsk of Ingelsk brûkt ek foar primêr Frysktaligen yn rap tempo fierder tanimme. In heale iuw ferlyn wienen der miskien likefolle of sels krekt wat minder Frysktaligen as no, mar dyselden praten it grutste diel fan har tiid Frysk; frijwat Friezen koste it doe muoite om har soepel yn it Nederlânsk út te drukken. Dy omstannichheden binne no wêzentlik oars. De measte Frysktaligen wikselje no deistich regelmjittich en sûnder problemen tusken de iene of de oare taal. It taalferlies wurdt foar de measten pas echt fielber op in stuit dat men him of har realisearret: ik praat inkeld noch mei in beheind tal autochtoane leeftyd genoaten Frysk... En, o ja, dy fisken: dy krije temin soerstof wannear't it wetter yn har lekke fiver bot sakke is. Hja binne net sels by machte om it lek te tichtsjen en farsk wetter ta te foegjen.

Taalferlies yn húshâldings

Út en troch kinne wy ús hieltiid noch drok meitsje om âlders dy't sels Frysktalich binne en de taal bewust net trochjouwe oan har bern. It is lykwols in misferstân om te tinken dat dit in wichtige oarsaak is foar it moderne taalferlies. De measte Frysktalige âlden prate Frysk mei harren bern en fine it ek normaal dat dy bern it Frysk ek as earste taal brûke. Ta fernuvering en betiden argewaasje fan guon Frysktalige âlders prate bern yn tanimmende mjitte Nederlânsk werom, yn de eigen húshâlding.

Hoe dominant is dy eigen húshâlding, is it eigen doarp noch? De wrâld dêr 't in protte bern yn libje, mei tablets en laptops fol mei net-Frysktalich Tiktok, You Tube en oar ynternet, mei haadsaaklik en dominant Nederlânsktalich ûnderwiis, bûtenskoalske opfang, telefyzje, boeken, sportskoallen en klups – dy wrâld funksjonearret gruttendiels sûnder Frysk. In tal

fan dy domeinen binne te beynfloedzjen. Dat sil konsekwint belied en in protte oerheidsjild fergje, mear as no. Ek hjir de fraach: wolle wy dat as ynwenners fan Fryslân? Dit alles is ferbûn mei de sintrale fraach – is it echt mooglik dat it Frysk der bliuwt? Lit ús dy fraach net langer ûntwike.

Rjocht

It frij-út brûken fan it Frysk is in nei soad krewearjen bemachtige rjocht. Earne rjocht op hawwe is wat oars as der gebrûk fan meitsje. Benammen wannear't der allerhanne yngewikkelds anneks is mei it brûken fan dat rjocht. Kieze foar in bepaald taalgebrûk, dat dogge de measte minsken ymplisyt, fia automatismen yn it gedrach. Taalsosjologen hawwe dy automatismen yn de foarige iuw goed yn kaart brocht. Om nettsjinsteande dy automatismen oars mei dyn earste en twadde taal om te gean as op dit stuit, dat kin allinne as men wit wat men docht – en fan har- of himsels wit dat men it eins oars dwaan wol. As yndividuën, mar ek as *mienskip*.

Net skromje...

Yn de Brede Maatskiplike Diskusje wurdt dúdlik hoe kânsryk it wêze sil om it brûken fan it Frysk duorsum te stimulearjen. Dat is spannend en net sûnder risiko foar de leafhawwers fan de taal fan Fryslân. Mar de wichtichste fraach ûntwike, dat smyt bliuwende frustraasje op. En tsjinnet it fuortbestean fan it Frysk perfoarst net.

WV

Dat bern op skoalle no Frysk kinne krije
Is super fansels, dat mei wy wol lije
Mar rekkenjen, Nederlânsk, datsoarte fakken
Bin' wol sa belangryk om aanst net te sakken

In mins wol it bêst foar syn bern, net wier?
Mei't Frysk kom je dan helemaal net sa fier
Want as ien letter karriêre wol meitsje
Silst sjen dat der niemand echt blij fan sil reitsje
No waard it wer sang

(kearsang)

**Oer ús taal binne wy o sa optein
Dus giet it Frysk hiel fleurich nei de ein.**

It ûnderwiis sil ús fêst rêde, jawis
Mar is der hjir en dêr ek in lyts bytsje mis?
Leararen dy't sels oer ús taal sa stinne
Soenen sokken ús bern wat goeds leare kinne?

Ús Fryske Provinsje hat belied betocht
Dêrtroch gie it Frysk fan in geunst nei in rjocht
Mar it hat ús oant no ta net safolle brocht
Want rûnom is der gjin Frysk dat men sjocht.

(kearsang)

**Oer ús taal binne wy o sa optein
Dus giet it Frysk hiel fleurich nei de ein.**

(Lêste kûplet, kin herhelle wurde)

Mei goed hûndert jier is it oer, is it dien
Leit de lêste Fryskprater ûnder in stien
Mar jakkes, wy wolle dochs hjoed gjin min sin
Dus genietsje mar ta sa lang it noch kin!

Lêste Kearsang:

**Oer ús taal binne wy o sa optein
Dus giet it Frysk hiel fleurich...
hiel fleurich nei de ein.**